



FERIENING FRYSK UNDERWIIS (FFU)

NIJSBRIEF & JIERFERSLACH oer 2018

Ynlieding: wêrom't aksje op de dyk needsaaklik is

De FFU is yn 1987 oprjochte, giet dus syn 32-ste jiergong (!) yn en is noch lang net oerstallich. Yn de jierferslaggen fan de lêste pear jier (oan te klikken op ús webstek www.ffu-frl.eu ûnder 'Ferslaggen') hawwe wy hieltiten mar wer omtinken jûn oan de sterk tekoartsjittende wet- en regeljouwing foar it Frysk yn it (hiele) ûnderwiis. En by wat der wól regele is, sjit it mar net op mei it effektyf ynfieren en kontrolearjen fan wat der fêstlein is. Dat kin ek sein wurde oer de nijste ûntjouwings op dat mêd: de nije *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023* (BFTK). Troch de jierren hinne hawwe wy ûnderfûn dat de hazzen yn De Haach en ek yn Ljouwert op it mêd fan it Frysk net of hiel stadich rinne en dat soks struktureel liket te wêzen en te bliuwen. De *Ried fan de Fryske Beweging* (RfdFB) hat dêrom al yn juny 2018 in *skaadbestjoersôfspraak*¹ gearstald, dêr't yn stiet hoe't it wól moat en dy publikaasje fuortdaliks oanbean oan de Provinsje sadat er brûkt wurde koe foar de werklike oerienkomst.

De FFU is oansletten by de RfdFB en dêr in advysorgaan fan. De FFU hat sadwaande ek meiwurke oan dy skaadbestjoersôfspraak, benammen troch substansjele bydragen fan FFU-foarsitter drs. Tom Dykstra. Doe't de nije BFTK oan de ein fan it jier ûndertekene waard troch Ryk en Provinsje, wie der yn dy oerienkomst noch fierste min werom te finen fan de suggestjes fan de kant fan de RfdFB en de FFU. Ek it advysorgaan foar it Frysk DINGtiid wie frijwat kritysk. Om dy reden wie it needsaaklik dat de RfdFB kontakt socht hat mei leden fan de Twadde Keamer en is op 18 des. 2018 in petysje oanbean oan de Keamerkommisje foar Ynlânske Saken.²

Ús FFU-foarsitter wie dêr ek wer by oanwêzich. Inkelde wichtige ûnderwiispunten út dy petysje fan de RfdFB wolle wy op dit plak oanhelje:

'Wij ziin van mening:

- dat een looptijd van 11 jaar zonder concrete tussendoelen aan het einde van deze BFTK leidt to ongewenst uitstelgedrag bij de scholen;
- dat het wettelijk voorschrift met betrekking tot het draagvlak voor het onderwijs in het Fries geen recht doet aan de gelijkwaardigheid en gelijkberechtiging van het Fries. Bij geen enkel ander vak geldt een dergelijke bepaling;
- dat het Fries als vak en als instructietaal in alle leerjaren van het primair, voortgezet en MBO onderwijs verplicht dient te zijn voor scholen in Fryslân;
- dat door de onderwijsinspectie het onderwijs in het Fries op dezelfde wijze dient te worden beoordeeld als het Nederlands.'

En der is wol mear te neamen (sjoch de doelstellings fan de FFU op ús webstek).

¹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180628.RFFB-BFTK.pdf>

² Klik op: <https://www.itnijos.frl/wp-content/uploads/2018/12/Petysje-Ried-fan-de-Fryske-Beweging-2018-12-18.pdf>

Mei omdat it hieltiten sa swier keallet, is ek **aksje op de dyk needsaaklik**. Dat kin de FFU net allinnich, want dêr is ús man- en bestjoerskrêft te beheind foar (sjoch ek de ynlieding fan it *FFU*-jierferslach oer 2017.³ Om ta ferbreiding en ferdjipping te kommen is de *FFU* dêrom in *strategyske alliânsje* oangien mei persoanen en organisaasjes dy't (ek) op de dyk aktyf wêze wolle foar it Frysk op skoalle. Dêrút is yn it ferslachjier de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis** (BAST) ûntstien en binne yn 2018 yn dat ramt struibrieven gearstald dy't dêrby brûkt wurde (mei dêryn opnommen de doelen fan de FFU; ek oan te klikken op ús webstek by 'Aktiviteiten & Brieven 2018').⁴

Dat wie fan dy gefolgen dat der yn it BAST-ramt ekstra oerlis wêze moast (mear gearkomsten) en de *FFU*-bestjoersleden út soarte sêls ek de dyk op moasten. Dat is fansels alhiel net slim, mar it besjút wol dat wy hiel effektyf mei ús tiid omgean moatte en dat der om dy reden yn it ferslachjier gjin jiergearkomste holden is (dy gearkomsten wurde amper besocht) en de kontrôle fan de *FFU*-boekhâlding net earder as yn it kommand jier (2019) pleatshawwe sil. De útwreiding mei nije aktiviteiten jout fansels ek wer ekstra kosten en dêrom freegje wy jimme om it ús sa maklik mooglik te meitsjen mei it ynbarren fan it lede- en stipersjild en op 'e tiid jimme finansjele bydrage oer 2018 (of earder, as dat derby bleaun is) en 2019 oer te meitsjen.

Wy rêde it net sûnder jo jildlike stipe

Lju dy't ús in bedrach 'skinke' en dat ôflûke wolle fan 'e belesting, kinne dat dwaan troch dat oer te meitsjen op rekkennûmer NL55 INGB 0001 1234 45 o.n.f. *Ried fan de Fryske Beweging*, Ljouwert, mei dúdlik de fermelding '**ornearre foar de FFU**'. Wy hoopje dan mar dat de Ried (nij adres nei 1 nov. 2017: Bûterhoeke 1 ['Tresoar'], Ljouwert) der wer foar soarget dat it op ús *FFU*-rekken oermakke wurdt. De *Ried* is erkend as ANBI (*Algemeen Nut Beogende Instelling*). Dat giet wolris mis. Sadwaande krije wy it jild leaver streekrjocht op ús eigen rekken. It ledejild kin oermakke wurde op NL17 INGB 0002 3560 38, o.n.f. *FFU Feriening Frysk Underwiis, Beetsterweg 5, 9244 GC Beetsterzwaag/ Beetstersweach*. Wy trune derop oan om dat op 'e tiid te dwaan. Dan hoege wy net mei werhelle fersiken te kommen, dy't ús wer (better te brûken) tiid en jild (sluven en postsegels) kostje. Nei it ferdwinen fan de akseptgiro-kaarten is it op 'e tiid ynbarren fan it ledejild foar ús in probleem wurden.

Op 16 juny 2018 hat *FFU*-foarsitter Tom Dykstra in berjocht oan de leden en stipers takomme litten as bylage by it jierferslach oer 2017 mei in fersyk om de jierlikse bydrage oer te meitsjen.⁵ Gâns leden hiene dêr oan de ein fan it jier noch net oan foldien. Op 4 des. 2018 hat de skathâlder fan de *FFU*, Ed Knotter, de leden dy't harren jildlike byrage oer 2018 of earder noch nêt levere hiene, op 'en nij in e-postberjocht of brief stjoerd om dat sa gau mooglik yn oarder te meitsjen.⁶

A. Bestjoer

It bestjoer bestie oan it begjin en oan de ein fan 2018 út: Tom Dykstra (foarsitter), Sytze T. Hiemstra (skriuwer en fise-foarsitter), Ed Knotter (ponghâlder; ek oantekens), Geart Tigchelaar (ek: oantekens), Jehannes Elzinga en Saapke de Groot-Voolstra. Ed Knotter is ús offisjele fertsjintwurdiger yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen*, mar Jehannes Elzinga ferfangt him almeast. Tom Dykstra fertsjinwurdiget de *FFU* yn it Algemien Bestjoer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*, mei Ed Knotter as syn ferfanger. Ús gearkomsten hawwe wy safolle mooglik gearfalle litten mei de gearkomsten yn it ramt fan de aktiviteiten fan BAST (sjoch boppe) om oerbelesting foar te kommen. Troch oare drokten hat Saapke de Groot-Voolstra ús gearkomsten yn 2018 net bywenje kinnen of meidwaan oan ús oare aktiviteiten.

Yn 2018 kaam it bestjoer (al of net yn gearwurking mei BAST) 10 kear gear op: 16-01 (*FFU*, Drachten by Hiemstra oan hûs); 19-02 (*FFU* en oaren [aksjefierders], Ljouwert by Tigchelaar oan hûs); 10-04 (*FFU* e.o.,

³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/171231.def.jierfersl.FFU.2017.pdf.logo.pdf>

⁴ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180917.def.struibrief.BAST-FFU.Frysk.op.skoalle.mei.konkrete.doelen.pdf> (mei de dêryn opnommen doelen fan de FFU)) en op: <http://ffu-frl.eu/PDF/brosjuere3.def.181028-compressed.pdf>

⁵ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180616.2.def.FFU-brief.oan.de.FFUleden.16%20juny.2018.pdf>

⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/181204.def.%20FFU-brief.oan leden.oer.ledejild.pdf>

Ljouwert by Tigchelaar); 12-06 (*FFU* e.o., Beetstersweach by Knotter); 13-06 (mei BAST en de Stichting ‘Sis Tsiis’ (STST), Stationsweg 4, Ljouwert, Oranjehotel; waarn. foars. Hiemstra); 17-07 (mei BAST; Beetstersweach by Knotter; foars. Hiemstra); 25-09 (mei BAST, Beetstersweach by Knotter; foars. Hiemstra); 31-10 (mei BAST [tinkgroep]; Drachten by Hiemstra; foars. Hiemstra); 14-11 (BAST [dochgroepe], Ljouwert, Oranjehotel, foars. Piter Dykstra); 28-11 (mei BAST [tinkgroep], Beetstersweach, by Knotter; foars. Hiemstra).

De kontakten fan de *FFU* mei de aksjefierders fan BAST hawwe harren yn it ferslachjier fierder ûntjûn. De kontakten fan de *FFU* en oare aksjefierders mei de stifting ‘Sis Tsiis’ (STST) oer ûnderwiissaken binne beheind bleaun ta 3 mear ‘algemiene’ gearkomsten: op 18-01 (Ljouwert, by Tigchelaar, mei Friduwih Riemersma, Abe de Vries e.o.); 23-02 (mei Tom Dykstra, Ljouwert, Oranjehotel, foars. Friduwih Riemersma; behindering Abe de Vries, S.T. Hiemstra e.o.); op 13-06 (Ljouwert, Oranjehotel; behindering Abe de Vries en Friduwih Riemersma [sykte], waarn. foars. Hiemstra).

Der binne yn 2018 gjin *FFU*-eare-oarkonden útrikt, mar hooplik slagget dat noch yn 2019. Op 1 des. 2018 is by in manifestaasje fan BAST op de Lange Piip te Ljouwert as oanmoediging wól in oarkonde útrikt oan twa Ljouwerter skoallen dy’t har goed ynspanne om it fak Frysk in better plak te jaan yn har ûnderwiis.⁷

B. Kontakten

1. Persoanen – Organisaasjes – Stúdzjedagen – Konferinsjes – Sympoasia, ensfh.

- 07-02-2018 (Hiemstra, Kerst Huisman), bestjoersgearkomste *Fryske Rie* (seksje West), stedhûs, Dokkum;
- 13-03-2018 (Hiemstra, Knotter), *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), Obe, Lân fan taal, Hear Ivostrij, Ljouwert;
- 04-04-2018 (Hiemstra, Kerst Huisman), bestjoersgearkomste *Fryske Rie* (seksje West), stedhûs, Dokkum;
- 23-04-2018 (Piter Dykstra, Tom Dykstra, Sytze T. Hiemstra), tekenjen akte fan de *Stifting It ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal*, notaris mr. Sijtze Hellema, Hogepol 18, Dokkum;
- 16-05-2018 (T. Dykstra, Hiemstra), oerlis oangeande it provinsjaal trajekt *Kurrikulum.frl* (foar it aktualisearjen keardoelen en eintermen fan it fak Frysk) mei de meiwurkers Ate Grypstra en Anita Oosterloo oer it nivo en de funksje fan *keardoelen*, de *lykweardigens dêrfan*, *yntegrale kwaliteitsbeoardieling en yntegraal meartalich ûnderwiismateriaal*, Provinsjehûs, Twibaksmerk 52, Ljouwert;
- 22-05-2018 (T. Dykstra, Knotter, Hiemstra, Tj. Meesters), ‘Groet út Westerlauwersk Fryslân’ oer *mear politike gearwurking tusken de trije Fryslannen*, útsprutsen troch drs. Thom Dykstra⁸, Opstalsbeam, Au[w]erk/Rahe, East-Fryslân/Ostfriesland (Dsl.);
- 25-05-2018 (Hiemstra, Knotter), jiergearkomste *Jongfryske Mienskip* (JFM), ‘De Koningshof’, Prinsewei 1, It Hearrenfean;
- 30-05-2018 (Hiemstra, Huisman), bestjoersgearkomste *Fryske Rie*, Stedhûs, Dokkum;
- 01/03-06-2018 (Hiemstra), *Ynterfrysk Kongres*, ‘Ostfriesische Landschaft’, Au[w]erk, East-Fryslân/Ostfriesland (Dsl.);
- 20-06-2018 (T. Dykstra, Hiemstra, Knotter), kongres *WOW Meartalich*, Cedin, ‘Adverium’, Drachten;
- 20-06-2018 (Hiemstra), *FUEN*-kongres [*Federal Union of European Nationalities*, in koepelorganisaasje fan nasjonale minderheden], WestCord WTC Hotel, Ljouwert, mei de ôfsluting yn Earnewâld;
- 03-07-2018 (Hiemstra, Huisman), bestjoersgearkomste *Fryske Rie*, Stedhûs, Dokkum;
- 04-07-2018 (Hiemstra, Knotter), fjildgearkomste fan *Kurrikulum.frl* (Ate Grypstra, Anita Oosterloo e.o.), Provinsjehûs, Ljouwert;
- 20-07-2018 (T. Dykstra, Hiemstra), petear mei it advysorgaan DINGtiid (bestjoerslid Freddy Weima en beliedsadviseur Anne Tsjerk Popkema) oer it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis, wêrby’t ek Dykstra syn

⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.Wynwizer.BAST.jpg.P0001.jpg> en: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.2.BAST.IKC.Franciskus.pagina001.jpg>

⁸ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180803.def.nijfrisia2-18.compressed.pdf> (*Nij Frisia*, juny 2018, s. 3)

publikaasje *Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne* (eigen behear, 2017)⁹ oerlange is, 'Westerparkstaete', Westersingel 4, Ljouwert;

- 02-09-2018 (Hiemstra, Knotter), 'Bûter yn 'e brij festival 2018', Feitsma-middei, tsjerke & doarpshûs, Brantgum;
- 06/08-09-2018 (Piter Dykstra, Tom en Anna Marike Dykstra, Hiemstra, Knotter, Tigchelaar, Willem Riemersma e.o.), 'Admiraliteitsdagen' mei in 'op 'e dyk aksje' fan BAST (útrikking earste struiblêd)¹⁰, sintrum Dokkum, mei as útfalsbasis Piter Dykstra syn tsjalk 'Aventoer'¹¹;
- 12-09-2018 (Piter Dykstra, Pier Boorsma, Sytze T. Hiemstra, Cor Jousma, Kerst Huisman, Ed Knotter, Willem Riemersma), taalbelied gemeente Ljouwert, behanneling 'taalnota', wêrby't struibrieven (BAST) rûnparte binne, Stedhûs, Ljouwert;
- 24-09-2018 (Hiemstra), 'Akademydei 2018' (80ste Dies Natalis, 16de lustrum) fan de Fryske Akademy, Oranjehotel, Stationsweg 4, Ljouwert;
- 20-09-2018 (Piter Dykstra, Tom Dykstra, Jeh. Elzinga, Ed Knotter), provinsjale konferinsje 'Frysk yn it ûnderwiis', wêrby't ek it twadde BAST-struibrief (mei de doelen fan de FFU en de RfdFB)¹² rûnparte is en wêrby't dy aktiviteit aktyf, ek fysyk, tsjinwurke waard troch inkelde provinsjale amtners, Thialf, It Hearrenfean;
- 29-09-2018 (T. Dykstra, P. Dykstra, Jeh. Elzinga, S.T. Hiemstra, Ed Knotter, Willem Riemersma), Stifting Slach by Warns, *Mienskipsdei 2018*, 'Sûnder mienskip gjin takomst', wêrby't troch aksjefierders fan BAST in spandoek omheech holden is en struibrieven rûnparte binne, 'Reaklif', Warns;
- 03-10-2018 (T. Dykstra, Jeh. Elzinga, S.T. Hiemstra, Ed Knotter), oerlis fan de FFU mei Douwe Hoogland, Steatelid fan de PvdA en fisefoarsitter fan it Steatekomitee Frysk, 'Provinsjehûs', Ljouwert;
- 06-10-2018 (Hiemstra, Knotter), provinsjale FNP-besinningsdei oer de takomstfyzje mei as titel 'Winkend Perspektyf', ek oangeande it Fryske ûnderwiis, 'De Grutte Wielen', Bûtlân 1, Ljouwert;
- 15-11-2018 (Hiemstra), jierliks kongres (stúdzjemiddei en -jûn) fan de *seksje Frysk* fan de *Vereniging van Leraren in Levende Talen* (VLLT) oer 'Fierder mei Frysk (15)', NHL Hegeskoalle, Rengerslaan 10, Ljouwert;
- 21-11-2018 (T. Dykstra), oerlis fan 'saakkundigen' mei fertsjintwurdigers fan kurrikulum.frl oer de nije kearndoelen Frysk, NHL, Ljouwert;
- 31-11/02-12-2018 (Hiemstra, Huisman), konferinsje fan de *Frasche Rädj/Fryske Rie/Friesenrat* (Seksje Noard) oer it tema 'Heimat der Friesen: zwischen Tradition und Moderne', wêrby't ek de West(erlauwersk) Fryske bydrage fan Hiemstra¹³ ynbrocht is en de struibrieven fan BAST op de NDR ('Fernsehen'; Dútske telefyzjestjoerder) te sjen wiene, Tönning/Eiderstedt (Dsl.);
- 01-12-2018 (Pier Boorsma, Tom Dykstra, Piter Dykstra, Cor Jousma, Ed Knotter, Willem Riemersma en sterke man Wout Zylstra), manifestaasje fan BAST op de *Lange Piip* te Ljouwert mei it útrikken fan *oarkonden* oan twa skoallen¹⁴ en it rûnpartsjen fan *struibrieven*, Lange Piip, Ljouwert;
- 10-12-2018 (Elzinga, Hiemstra), gearkomste fan it *EBLT* mei in bydrage fan dr. Edwin Klinkenberg (FA) oer 'Taal yn Fryslân', 'Tresoar', Ljouwert.
- 18-12-2018 (T. Dykstra), oanbieding mei in tal leden fan de *RfdFB* fan in petysje nei oanlieding fan it ferskinen fan de nije BFTK (*Bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuer*, 2019-2023) oan de kommisje fan Ynlânske Saken yn it gebou fan de Twadde Keamer, De Haach.

⁹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/Makabere.duns.ferzje.2-180827.compressed.pdf>

¹⁰ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180903.def.struibrief.Frysk.op.skoalle.Sis.Tsiis.compressed.pdf>

¹¹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia3-18-compressed.def.pdf> (*Nij Frisia*, sept. 2018, foar- en efterkant)

¹² Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180917.def.struibrief.BAST-FFU.Frysk.op.skoalle.mei.konkrete.doelen.pdf>

¹³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/181118->

[Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/181118-Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf)

¹⁴ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.Wynwizer.BAST.jpg.P0001.jpg> en: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.2.BAST.IKC.Franciskus.pagina001.jpg>

C. Brieven en oare stikken

Meast relevante brieven en oare stikken fan (útgien: 📧) en foar (ynkommen: 📩) de FFU.

Mei *(sterke): oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu).

Útgien:

* 31-02-2018 📧 **FFU: it Frysk yn de digitale doarpe- en stêdekanon**

FFU-brief oan de *Stichting FrieslandWonderland* mei de fraach oft it inisjatyf om ta in Fryske doarpe- en stêdekanon te kommen (it stribjen is om 422 kanons gear te stallen) en dy op in webstek ('site') fan de stifting te setten, der ek ta liedt dat dy (ek) yn it Frysk útbrocht wurde. De FFU achtet dat fan belang, omdat it oer de skiednis fan it eigen gea giet en dêr heart it Frysk by. Bern kinne dy kanons dan yn de eigen taal lêze en boppedat kinne se yn it ûnderwiis brûkt wurde.¹⁵

* 14-03-2018 📧 **FFU: fernijen kearndoelen Frysk troch de Provinsje**

Brief fan FFU-foarsitter Tom Dykstra oan deputearre Poepjes oer it fernijen fan de kearndoelen foar Frysk troch de provinsje Fryslân (Deputearre Steaten).¹⁶

* 07-06-2018 📧 **FFU: reaksje FFU op Taalplan Frysk**

Wiidweidige FFU-reaksje op it provinsjale 'Taalplan Frysk' en koarte FFU-antwurden op trije fragen fan de kommisje-Walsweer nei oanlieding fan de 0-mjitting dy't dien is yn it ramt fan dat taalplan.¹⁷

* 24-08-2018 📧 **FFU: Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne**

Koarte lêswizer (taljochtsjend brief) foar de leden fan Provinsjale Steaten (d.d. 24-08-2018) by de wiidweidige publikaasje **Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne, in oersjoch fan hoe't polityk (oerheid) en skoallen omgeane mei de kearndoelen Frysk foar it basisûnderwiis yn it tiidrek 1993-2017**. Dy publikaasje is gearstald troch drs. Th. Dykstra, FFU-foarsitter, en útjûn yn eigen behear (Itens, desimber 2017).¹⁸

* 06-09-2018 📧 **FFU: 'BoargerAksjegroep Sis Tsiis' (BAST) hat in nij struibrief**

Nij en kleurich struibrief fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)**, dêr't ek de FFU aktyf oan meidocht. It fluchskrift is gearstald troch drs. Kerst Huisman (foarkant) en drs. Piter Dykstra (efterkant en opmaak). It is foar de earste kear rûnparte op de *Admiraliteitsdagen* te Dokkum (6 o/m 9 sept. 2018).¹⁹

* 20-09-2018 📧 **FFU: 'Boargeraksjegroep Sis Tsiis (BAST) hat wer in nij fluchskrift**

Wer in nij pamflet (it twadde) fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)**, dêr't ek de *Feriening Frysk ûnderwiis* (FFU) aktyf oan dielnimt. Dat nije struibrief is gearstald troch drs. Piter Dykstra (opmaak), drs. Tom Dykstra (tekst) en drs. Sytze T. Hiemstra (tekst). It struibrief is foar it earst rûnparte by de konferinsje '*Frysk yn it ûnderwiis*' fan de provinsje Fryslân op It Hearrenfean (Thialf, 20 sept. 2018). Yn it fluchskrift wurdt omtinken jûn oan de doelen fan de FFU en de *Ried fan de Fryske Beweging*.²⁰

* 28-10-2018 📧 **FFU: 'BoargerAksjegroep Sis Tsiis' (BAST) hat in tredde pamflet**

It *tredde* struibrief fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)**, dêr't ek de *Feriening Frysk ûnderwiis* (FFU) in aktive rol yn spilet. De opmaak is fan drs. Piter Dykstra en de tekst fan drs. Piter Dykstra, drs. Tom Dykstra, drs. S.T. Hiemstra en Ed Knotter. It befettet lytse stikjes mei as kopkes: *Respekt; De taal fan it hert; Iepen Mienskip; Wat der bart; Wat it doel fan taal op skoalle wie; Linich Frysk-fan-dizze-tiid; Ús eigen skiednis; Net tichterby as Wolvegea*. Fierders in ferwizing nei in nij e-post-adres: sistsiis@hotmail.com, in nij webstek: www.sistsiis.fr en in oprop om mei te dwaan oan kommende aksjes.²¹

* 16-11-2018 📧 **FFU: BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST) hat in nije poster (affysje)**

¹⁵ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180131def.FFU-brief.dorpsanon.def.korr.sth.pdf>

¹⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180314.def.FFU.br.TD.oan.DepSteaten.oer.curric.nu.pdf>

¹⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180719-def.reaksje.FFU.op.Taalplan.Frysk.en.antw.op%203%20fragen.kommWalweer.pdf>

¹⁸ Klik op de 'Lêswizer' (3 siden): <http://ffu-frl.eu/PDF/180824.def.brief.oan.PS.mei.leswizer.Makabere.duns.webst.pdf> en de 'Makabere dûns [...]' (71 siden): <http://ffu-frl.eu/PDF/Makabere.duns.ferzje.2-180827.compressed.pdf>

¹⁹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180903.def.struibrief.Frysk.op.skoalle.Sis.Tsiis.compressed.pdf>

²⁰ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180917.def.struibrief.BAST-FFU.Frysk.op.skoalle.mei.konkrete.doelen.pdf>

²¹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/brosjuere3.def.181028-compressed.pdf>

Nije poster (affysje) fan de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)** mei syn sterke man **Wout Zylstra** (opmaak drs. Piter Dykstra): **Frysk op skoalle, bernerocht**. De FFU is ek aktyf yn dy aksjegroep.²²

* 01-12-2018 🇳🇱 **FFU: BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST) hat oarkonden oan twa basisskoallen útrikt**
Op 1 desimber 2018 hat de **BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)** in oarkonde útrikt oan twa basisskoallen yn Ljouwert: (1) i.b.s Wynwizer en (2) *IKC Franciscus*, fanwegen harren krewearjen foar goed Frysk ûnderwiis.²³

Ynkommen:

* 27-03-2018 🇳🇱 **DINGtiid: reaksje op FFU-brief oer Dingtiid-advys 'Meartaligens'**

Reaksje (d.d. 27-03-2018) fan *Dingtiid* ('Orgaan foar de Fryske taal') op de FFU-kanttekenings (d.d. 25-07-2017; sj. ek by 'útgien' 2017: [FFU: kanttekenings by Dingtiid-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel', 25-07-17.pdf](#)) by har *Dingtiid*-advys 'Meartaligens as kwaliteit en doel' en ús fersyk om ta mear gearwurking te kommen. *Dingtiid* sprekt syn grutte wurdearring út foar ús saakkundigens en beflieinens en wol it petear fierder mei ús en oaren oangean, û.o. op 19 sept. 2018, om dêrmei ek de provinsje wer fan 'ynput' te foarsjen foar de nije 'Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer' (periode oant en mei 2023).²⁴

* 27-06-2018 🇳🇱 **Ried fan de Fryske Beweging: skaad-BFTK**

Skaad-Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 (skaad-BFTK) gearstald troch de *Ried fan de Fryske Beweging* (RfdFB) en oanbean oan deputearre Sietske Poepjes (op 27-06-2018), noch foardat de 'echte' BFTK 2019-2023 ree is. Mei dúdlike Rieds-doelen foar in Fryske takomst. De Ried hat noed dat de definitive en offisjele BFTK aanst te min oplevere sil foar ús taal en kultuer en hat dêrom opskreaun wat der winliken yn stean moatte soe. Tige de muoite wurdich om te rieplachtsjen.²⁵

* 01-11-2018 🇳🇱 **FNP: Fryslân sels oan it roer!**

Fryslân sels oan it roer! (sept. 2018; 82 siden) is in publikaasje fan de FNP en in fierdere útwurking fan in earder dokumint oer de 'Takomst fan Fryslân'. Bygeand oan te klikken dokumint hannellet oer it rjocht op *selsbeskikking* fan de Friezen (haadstik 2) en de *oerdracht fan taken* fan it Ryk nei Fryslân. Soks rekket ek it foech oer de Fryske taal en kultuer (bgl. yn par. 3.5., s. 18) en dus likegoed it ûnderwiis yn it Frysk (bgl. yn par. 5.5.4. 'Befoarderjen fan it Frysk folslein yn Fryske hannen', s. 39-40). It is in tige wichtige publikaasje.²⁶

* 19-11-2018 🇳🇱 **Fryske Rie: bydrage Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden**

Bydrage fan de *Fryske Rie* (bestjoerslid drs. S.T. Hiemstra) by de moeting mei de leden fan it 'Advisory Committee' fan de *Ried fan Europa* oangeande it útfieren fan it *Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden* ('Framework Convention for the Protection of National Minorities') op moandei, 19 nov. 2018 yn it Provinsjehûs te Ljouwert. Yn dy bydrage komme fiif winsken op it aljemint om de gearwurking fan ús (Westerlauwersk) Fryslân mei East- en Noard-Fryslân (yn Dútslân) te fersterkjen, bgl. op it mêd fan it ûnderwiis yn de *mienskiplike skiednis* (de skiednis fan de Friezen), it gearstallen *yntegraal meartalige* learmiddels mei in *grut oanpart fan it Frysk*, it oprjochtsjen in *ynter-Frysk kultuerparlemint* en fan in *telefyzjestjoerder* foar autochtoane Europeeske (taal)minderheden mei programma's mei Frysktalige ûndertiteling.²⁷

D. Publisiteit

* Oan te klikken op ús webstek (www.ffu-frl.eu). In stikmannich artikels fan FFU-bestjoersleden oer FFU-aktiviteiten, dy't publisearre binne of omtinken krige hawwe yn guon media. It is foar ús net altiten goed nei te gean oft en hoe't der publisiteit jûn is oan ús krewearjen yn de ûnderskate media (bgl. *Omrop Fryslân*, it ynternet of de dei-, wyk- en streekblêden). It oersjoch is dus beheind. Guon bestjoersleden reagearje út en

²² Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/affysje.def.-woutenwout2.png>

²³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.Wynwizer.BAST.jpg.P0001.jpg> en: <http://ffu-frl.eu/Images/Oarkonde.2.BAST.IKC.Franciskus.pagina001.jpg>

²⁴ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180327-DingtiidbrieffoanFerieningFryskUnderwiis.pdf>

²⁵ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180628.RFFB-BFTK.pdf>

²⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/UtwurkingFNPfyzje-Fryslanselsoanitroer-sept.2108-compr.pdf>

²⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/181118->

[Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/181118-Advisory.Committee.Framework.Convention.Ljouwert18nov.2018.foarFryskeRie.logo.pdf)

troch ek op en yn (it digitale) *It Nijs fan de Ried fan de Fryske Beweging* of op it plak fan de *FFU* op *Facebook*.

Nij Frisia (blêd fan de Jongfryske Mienskip)

* Twa artikels fan drs. Sytze T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVII, nû. 1, maart 2018). Yn de rubryk ‘Ús eigen Taal ([26]’ mei as titel (1) ‘*In Fryske oersetting fan “The Canterbury Tales” en oar wurk fan Klaas Bruinsma (I)*’ (s. 2-8) en (2) it tredde part fan it artikel mei as titel ‘*It Europeesk Hânfêst en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (III)*’ (s. 15-21). Fierders û.o. de twadde kolum fan Jaap Slager (s. 22-23).²⁸

* Twa artikels fan drs. Sytze T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVII, nû. 2, juny 2018). Yn de rubryk ‘Ús eigen Taal [27]’ mei as titel (1) ‘*Frysk foar Dútsktaligen: kursus fan Wolter Jetten*’ (s. 5-6) en (2) it fjirde en lêste part fan ‘*It “Europeesk Hânfêst” en it ûnderwiis yn it Frysk oan wjerskanten fan de steatsgrins, benammen yn ferbân mei de mooglikheid ta it oanspannen fan juridyske prosedueren (IV)*’ (s. 15-21). Fierders û.o. fan drs. Tom Dykstra de groetnis út Westerlauwersk Fryslân by de *Opstalsbeam* (s. 3) en de tredde kolum fan Jaap Slager oer ‘*Kulturele kastraasje*’ (s. 22-23).²⁹

* It twadde artikel fan drs. S.T. Hiemstra yn *Nij Frisia* (jrg. LXVII, nû. 3, sept. 2018) oer it oersetwurk fan Klaas Bruinsma (yn de rubryk ‘Ús eigen Taal [28]’, s. 2-3 en s. 5-12). In koarte reaksje fan de *FFU* (skr. drs. S.T. Hiemstra, foars. drs. T. Dykstra) op fragen fan de kommisje-Walsweer by de 0-mjitting foar it ‘Taalplan Frysk’ (s. 12), in reaksje fan drs. S.T. Hiemstra (*FFU, Sis Tsiis*) yn it *Friesch Dagblad* (18-04-2018) op de fierstente romme provinsjale frijstellings foar de keardoelen Frysk (s. 20). In krityske *FFU*-reaksje (T. Dykstra & S.T. Hiemstra) op it provinsjale ‘Taalplan Frysk’ (s. 22-25). It earste artikel oer ‘Snypsnaren’ fan Jan Hiemstra (s. 15-16).³⁰

Leeuwarder Courant & Friesch Dagblad

* **Scholen krijen twaalf jaar voor doelen Fries**, 18-04-2018 (A-FD)

Friesch Dagblad, 18-04-2018, s. 1 – Reaksje fan drs. Sytze T. Hiemstra (skriuwer fan de *FFU* en de *Stifting Sis Tsiis*) op in fraach fan in *FD*-sjoernalist oangeande in brief fan Deputearre Steaten, dy’t de skoallen oant 2030, dus noch 12 jier (!), de tiid jaan wolle om *alle* keardoelen foar Frysk nei te stribjen. Dy doelen binne neffens Hiemstra minskerjochten en kinne net wachtsje. It giet neffens him fierste traach by de provinsje en it is te min. It soe yn fjouwer jier klear wêze moatte.³¹

* **FNP kan leven met plan voor doelen**, 19-04-2018 (A-FD)

Friesch Dagblad, 19-04-2018, s. 23 – De reaksje fan Sytze T. Hiemstra fan de *Feriening Frysk Underwiis* (*FFU*) en de *Stifting Sis Tsiis* wurdt oanhelle oangeande de termyn fan 12 jier dy’t skoallen krije kinne om de keardoelen foar it Frysk te ‘halen’. Dy perioade wurdt troch him fierste lang achte. Dat ‘halen’ yn it artikel is boppedat net krekt, want de doelen moatte ‘neistribbe’ wurde en dat is wat oars.³²

* **Friese onderwijsclub kraakt taalbeleid**, 03-09-2018 (A-FD)

Friesch Dagblad, 03-09-2018 – Artikel nei oanlieding fan it ferskinen fan in *FFU*-publikaasje fan drs. Tom Dykstra (*FFU*-foarsitter) oer it slim tekoartsjittende taalbelied foar it ûnderwiis yn it Frysk fan de lêste fjirtich jier. Dykstra syn ‘*Makabere dûns om de keardoelen Frysk hinne*’ (71 siden) is oan te klikken op ús *FFU*-webstek by ‘Brieven en oare stikken 2018’ (24-08-2018).³³

* **Poepjes wil meer aandacht van inspectie voor Fries**, 07-09-2018 (freed) (A-FD)

Friesch Dagblad, 07-09-2018, s. 19 - Deputearre Sietske Poepjes wol, mei op grûn fan in *FFU*-publikaasje fan foarsitter drs. Tom Dykstra (‘*Makabere dûns om de keardoelen Frysk hinne*’, des. 2017, 71 siden) mear

²⁸ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180503.def.nijfrisia1-18-2.compressed.pdf>

²⁹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/180803.def.nijfrisia2-18.compressed.pdf>

³⁰ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia3-18-compressed.def.pdf>

³¹ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/FD-2018-04-18.p.1.Scholen.krijgen.twaalf.%20jaar.%20voor.doelen.Fries.pag.jpg>

³² Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/FD-2018-04-19.FNP.kan.leven.met.plan.voor.doelen.Fries-STH.jpg>

³³ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/FD-2018-09-03-180903.FD-reaksjeMakabere.Friese.onderwijsclub.kraakt.taalbeleid.jpg>

kontrôle op it neilibjen fan de kearndoelen foar it Frysk op de skoallen (sjoch foar dy publikaasje ek by 'Aktiviteiten & Brieven, 2018' op ús webstek).³⁴

* **'Tsjin 'e stream', mar de FFU en de BoargerAksjegroep Sis Tsiis jouwe gjin belies**, 21-09-2018 (P-LC) *Leeuwarder Courant*, 21-09-2018, s. 8 ('Freed') – Kollum fan Pieter de Groot (DWERS) ûnder de kop 'Tsjin 'e stream; foar de wet gelyk, mar net yn 'e praktyk', dêr't er ek omtinken yn jout oan de striid foar it ûnderwiis yn it Frysk en it krewearjen op dat mêd fan de *Feriening Frysk ûnderwiis* (FFU) en de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* (BAST), dêr't de FFU ek aktyf yn is. De Groot skriuwt dêroer: 'Yn 2030 sil it draachflak sa provinsjebreed wêze moatte, dat gjin skoalle mear ûntheffing kriget, is de foarsizzing. Mar wat hyt 'draachflak'? Salang't de skoallen – en de âlden – dat draachflak bepale meie, komt der neat fan op 'e hispel. Lês de brosjure 'De makabere dûns om de kearndoelen hinne' fan Thom Dykstra, foarsitter fan de Feriening foar Frysk Underwiis (FFU). Dy dûns is al sawat tritich jier geande en de posysje fan it Frysk op skoalle is allinne mar swakker wurden, stelt er mismooedich fêst. Mar hoe pessimistysk Dykstra en syn FFU-striders ek binne, se hearre ta de klup fan oanhâlders.'³⁵

* **Stribje nei Fryske ynspeksje op skoalle**, 25-09-2018 (P-LC)

Leeuwarder Courant, 25-09-2018, s. 18 – Pleit fan Piter Dykstra (ek aktyf yn de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* en behelle by it wurk fan de FFU) foar in eigen *Frysk ûnderwiisministearje*, lykas yn de Dútske dielsteaten en de Switserske kantons. Allinnich dan kin it Frysk yn en by alle oare fakken en leargebieten (yn it hiele ûnderwiis!) yn de takomst in lykweardich en lykberjochtige plak krije. De 'Hollânske ynspeksje', mei syn arrogante ynspekteur-generaal Monique Vogelzang, hat al lang it fertrouwen ferspille wat de kontrôle op it Frysk oanbelanget en hat in te 'Haachsk' tinkramt.³⁶

* **Ynspiraasje troch Warns te betinken**, 13-10-2018 (P-LC)

Leeuwarder Courant, 13-10-2018, s. 14 ('Podium') – Reaksje fan Piter Dykstra (ek aktyf yn de *BoargerAksjegroep Sis Tsiis* en behelle by de FFU) op in anty-Fryske 'Te Gast' fan âld-LC-haadredakteur Rimmer Mulder oangeande Mulder syn krityk op de 'Warnsbetinking'. Dykstra ornearret dat de betinking fan belang is foar it Frysk, dat noch altiten slim ferwaarleazge wurdt, likegoed yn it ûnderwiis. Dykstra ferwiist yn dat ramt nei twa publikaasjes dêr't de FFU mei ferantwurdlik foar is, ntl. Tom Dykstra (*FFU*-foars.) syn *Makabere dûns om de kearndoelen Frysk hinne* (2018) en it *Oanfalsplan Frysk* (2008). Beide publikaasjes binne oan te klikken op ús webstek by 'Aktiviteiten & Brieven' (yn resp. 2018 en 2008).³⁷

E. Webstek FFU en digitale sosjale media

Wy binne mei ús eigen stee (www.ffu-frl.eu) op it wrâldwide web úteinset op 1 jannewaris 2005 en wurde frij geregeld besocht. Yn it jierferslach fan 2014 hawwe wy in wiidweidich oersjoch jûn (sjoch dêr). Omdat ús eardere 'teller' kueren krige, hat Sytze J. Hiemstra jr. op 10 jannewaris 2015 in oarenien ynstallearre (*One Stat.com*), dy't ús op de hichte hâldt fan ús 'besikers'. Oan de ein fan 2016 wiene dat 1359 'pageviews'; it totaal oan unike besikers berûn 761. Oan de fan 2017 wie de stân: 1861 'pageviews', 1494 besiten en 1022 unike besikers. Trochinoar wurde wy 1 kear deis besocht, mei 2 'pageviews'; 66% fan 'e besikers kaam yn 2016 út Nederlân (oer 2017 wie dat net oan te klikken). *Webstats4u* 'Motigo' (de eardere 'teller') telt lykwols wer sûnt 10-01-2015 en hie oant de ein fan 2016 sa'n 2.723 'views' registrearre en oan de ein fan 2017: 3160. Ús tellers krigen yn 2018 wer kueren, dat de besikerssifers moatte wy foar it ferslachjier 2018 misse

De FFU is sûnt 2012 ek aktyf yn en op de digitale sosjale media, benammen op *Facebook* (mei twa 'akkounts'), dy't hast alle dagen fan ynhâld foarsjoen wurde troch Sytze T. Hiemstra sr. Op dy wize kinne wy ús doelen hieltiten yn it omtinken bringe by in beskate doelgroep en dy eventueel ek wer liede nei ús webstek.

F. De BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST), de Stichting 'Sis Tsiis' (STST), de Stifting It ûnderwiisfûns foar de Frysk Taal (STUFT) en de doelstellings fan de FFU

³⁴ Klik op: <http://ffu-frl.eu/Images/FD-2018-09-07Poepjes.wil.meer.aandacht.van.inspectie.voor.Fries.jpg>

³⁵ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/LC-2018-09-21-s.48P.deGrootTsjin.de.stream.pdf>

³⁶ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/LC-2018-09-25.P.dykstra.Stribje.nei.Fryske.ynspeksje.op.skoalle.pdf>

³⁷ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/LC-2018-10-13.s.14-Ynspiraasje.troch.Warns.te.betinken.P.FDykstrra.LC-13%20nov.2018.pdf>

Yn ús jierferslach oer 2017 hawwe wy wiidweidich ferslach dien fan de aktiviteiten fan in stikmannich *Sis Tsiis*-aksjefierders foar better Frysk op skoalle.³⁸ De ûnderlinge gearwurking late yn 2017 en 2018 lykwols gauris ta tsjinstellings en kribbekeurichheden oangeande de aard en útwurking fan de aksjes en dy hiene somtiden ek te krijen mei ferskillende, blykber botsende ideologyske útgongspunten. As soks yn de iepenbierheid ‘útfochten’ wurdt, dan makket ‘de parse’ dêr ek melding fan, jout dêr kommentaar op, soarget sa foar ‘nijs’ en dat pakt net altiten like posityf út.

De *FFU* hat besocht om, mei op grûn fan in oprop fan kollumnist Pieter de Groot yn de *LC* oan de *FFU* en de *RfdFB*, in bemiddeljende, stabilisearjende en aktivearjende rol te spyljen yn dat krêftefjild, om sadwaande de saak wer op 'e rails te krijen. Dat alles yn it besef dat der *ferskillende* wegen (yn tinken en hanneljen) nei Rome liede kinne en dat der in optimaal gebrûk makke wurde moat fan de sterke kanten fan aksjefierders op it mêd fan harren teoretyske en praktyske feardichheden. Dy *romte* moat der wêze en bliuwe. Dat liket foar in grut part te slagjen, in aardich tal potinsjele aksjefierders hawwe der wer sin en nocht oan om mei te dwaan oan de ûnderwiisaksje en spanne har wer yn. Mar wy hawwe, sa hat yn 2018 bliken dien, blykber net alle kikkerts yn ien kroade hâlde kinnen. Dat freget om in koarte taljochting.

De BoargerAksjegroep Sis Tsiis (BAST)

Hiel wat aksjefierders woene sêls it bestjoer oer har eigen aksjes hâlde en selsstannich oer it plak, de tiid en de foarm dêrfan beskiede. Dy woene dat net ôfhingje litte fan wêr't it bestjoer de *Stichting 'Sis Tsiis'* (STST) mei kaam of komme soe: ‘Dy dochgroep wol (ek) *selsstannich* en *autonom* aktiviteiten ûndernimme en útfiere. Yn dat ramt moat de relaasje mei STST opfette wurde as ien fan *gearwurking* op basis fan *lykweardigens* en net op basis fan tafersjoch fan de STST op de wurklist, de beslútfoarming of fan goedkarring fan beskate aktiviteiten. Oer de konkrete ynfolling fan dy relaasje sil mei Friduwih as inisjatyfnimster fan dizze gearkomste neier oerlein wurde’ (Út: gearkomsteferslach d.d.13 juny 2018, s. 1).

Sadwaande hat de *BoargerAksjegroep* him selsstannich fierder ûntwikkele, yn 2018 al hiel wat út 'e wei set en foar 2019 wer nije plannen ûntwikkele. Wy hawwe dêr yn de foargeande paragrafen nei ferwiisd.

De Stichting 'Sis Tsiis' (STST)

Ein ferline jier, op 13 desimber 2017, is de *Stichting 'Sis Tsiis'* (STST) oprjochte en in karbrief fêststeld. De akte wurdt bewarre troch notaris mr. Hillebrand Breuker te Drachten. Dy stifting krige syn adres en sit yn Amsterdam en bestiet dan út trije bestjoerders: dhr. Abe de Vries (foarsitter), frou Friduwih Riemersma (ponghâlder) en Sytze T. Hiemstra (skriuwer).

It doel fan de stifting wurdt yn kêst 2 omskreaun:

1. a. it behertigjen fan it algemien belang fan substansjeel ûnderwiis yn it Frysk en fan kollektive belangen op it mêd fan ferbettering fan de posysje [fan it] ûnderwiis yn it Frysk skoallen en oare ynstellings yn de provinsje Fryslân; it bestjoer kin ek beslute om projekten op oare plakken te ûnderstypjen;
- b. it ferrjochtsjen fan alle fierdere hannelings dy't mei it foarôfgeande yn de romste sin ferbân hâlde of dêrta fertuten dwaan kinne. [...]
3. De stifting besiket om ta syn doel te kommen troch
 - a. fergrutsjen fan bewustwurding troch it fieren fan massakampanjes en it hâlden fan iepenbiere aksjes en eveneminten, politike lobby en kennisûntjouwing, foarljochting en advys;
 - b. direkte belangebehertiging, ynbegrepen juridysk prosedearjen;
 - c. oare aktiviteiten nei it oardiel fan it bestjoer.

Oer de aktiviteiten fan de STST is yn ien fan foargeande paragrafen ien en oar ferdútst.

³⁸ Klik op: <http://ffu-frl.eu/PDF/171231.def.jierfersl.FFU.2017.pdf.logo.pdf> (s. 9 en 10).

Yn kêst 3 wurdt oanjûn dat der op syn minst *trije* bestjoerders wêze moatte en de funksjes fan skriuwer en ponghâlder ferfolle wurde kinne troch ien persoan. In bestjoerder defungearret û.o. troch syn (har) ôfgean (al of net neffens in roaster fan ôfgean).

Dat is hjir oan de oarder, want krekt in jier letter, noch frij ûnferwachte, hawwe foarsitter Abe de Vries en frou Friduwih Riemersma har as bestjoerder fan **STST** útskriuwe litten by de Keamer fan Keaphannel te Amsterdam: Friduwih Riemersma op 15-12-2018 en Abe de Vries op 17-12-2018 (formeel: ‘uitgetreden als bestuurder’). Se hawwe oankundige *tegearre* op eigen manneboet as ‘Sis Tsiis’ (no ôfkoarte: ST, want it offisjele ‘Stichting’ is derôf fallen) fierder te gean (sj. it webstek fan Abe de Vries en Friduwih Riemersma: ‘Sis Tsiis wer yn de oanfal’, 26 des. 2018).

Derfan wurdt ek op harren webstek (<https://sistsiis2016.wordpress.com/>) kundskip dien (yn: Fers2 nû.4.20, 16 desimber 2018; Sis Tsiis, 26 des. 2018). Wy moatte dêrút begripe dat beide bestjoersleden in ‘ynternasjonalistyske’ en ‘antynasjonalistyske’ fyzje hawwe en oare aksjefierders it ferwyrt krije dat se mear ‘nasjonalistysk’ ynsteld binne en dat harren aksjes fandatoangeande net doge (soene). Ien en oar hat omtinken krige yn *It Nijts* (17 des. 2018) en de *Ljouwerter Krante* (Maria Del Grosso, 21 des. 2018, s. 21: ‘Oprichters stappen uit Sis Tsiis’). Twa fan de trije bestjoerders binne dus oan de ein fan it ferslachjier gjin bestjoerder mear fan de **Stichting** ‘Sis Tsiis’ (STST) en dêr sil yn 2019 oer neitocht wurde moatte hoe’t soks it bêste ‘oplost’ wurde kin.

De Stifting It ûnderwiisfûns foar de Frysk Taal (STÛFT)

De ‘Stifting It ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal’ is troch it ‘Selskip foar fryske tael- en skriftekennisse’ yn 1909 oprjochte ûnder de namme ‘Stichting Onderwijsfonds voor de Friesche Taal’ en hat sûnt 23 april 2018 syn fuortsetting krige yn in nije stifting. Der is doe ek in nij karbrief fêststeld (by notaris mr. Sijtze Hellema, kantoarhâldend te Dokkum).


De stifting hat syn sit te Ljouwert en hat as doel (kêst 1.4) foar jildlike bydragen te soargjen foar it brûken fan it Frysk en it ûnderwiis yn de Fryske taal op pjutteboartersplakken en skoallen fan alle skoaltypen dy’t yn Fryslân foarkomme. Alle aktiviteiten dy’t ta doel hawwe om de posysje fan it Frysk yn wet- en regeljouwing en de ûnderwiispraktyk te ferbetterjen, kinne stipe wurde.

Der wie en is in startkapitaal. Dat is foar in beskieden part oansprutsen foar it printsje litten fan struibrieven (oant no ta trije) en it gearstallen fan oar propaganda- en foarljochtingsmateriaal foar aksjes (bgl. ‘op ’e dyk’; sjoch foar konkrete foarbylden ek guon paragrafen hjirboppe). It bestjoer fan de stifting (STÛFT) bestiet út trije persoanen: drs. Th. Dijkstra (foars.), drs. S.T. Hiemstra (skriuwer) en drs. P. Dykstra (skathâlder).

Beslút

De neamde *aksjegroep* (BAST), de *Stichting ‘Sis Tsiis’* (STST) en de *Stifting It ûnderwiisfûns foar de Fryske Taal* (STÛFT) kinne fan grut belang wêze om *doelen* te berikken dy’t ek de *FFU* tige oansprekke (www.ffu-frl.eu). Wy geane dus yn 2019, as ús súnens it talit (sjoch ek de ein fan it ferslach fan 2017), moedich fierder mei it neistribjen dêrfan en rekkenje dêrby op de stipe fan ús leden.

It bestjoer



*Ús sterke mannen:
Wout & Wout Zylstra*



(foto: Anne Tsjerk Popkema)

*Tom Dykstra biedt de 'Makabere dûns [...]' oan
oan Freddy Weima fan DINGtiid (20-07-2018)*